Protestantse Gemeente
Tjalleberd - De Knipe

# Liturgy 2 novimber 2025
## Aldersielen



*Nij Brongergeatsjerke - De Knipe*

*verbindend verlangen*

Meiwurkers oan dizze tsjinst:

| | |
|---|---|
| Foargonger: | ds. Reinder Reitsma |
| Lektor: | Antje de Jong |
| Alderling fan tsjinst: | Tine de Boer |
| Diaken: | Alette Algra |
| Kapelle Kwartet: | Welmoed van der Molen, Marjan van der Zwaag, Albertus de Jong en Gerben van der Veen |
| Harmoanium & piano: | Jan de Jong |
| Piano: | Gerben van der Veen |
| Bernekring: | Jelle Kroodsma |
| Technyk: | Johan & Johanna de Jong |
| Koster: | Harmen Schreur |
| Kommisje liturgysk blomskikken: | |

Harmoanium & Piano: Lied - Max Laurischkus

Wolkom en meidielingen

Oanstekken kears fan ferbining

Stilte *(steand)*

## 210. God fan himel, see en ierde




*a:* 2. Yn 'e moarntiid komt Jo tank ta,
dat Jo alle dagen nij
al wat ik oan eangst en soarch ha,
diele wolle, Hear, mei my.
Nea bin ik allinne mear:
altyd binn' Jo by my, Hear.

*k:* 3. Lit my as in trouwe tsjinner
troch jo wide wyngerd gean.
Leafde en wierheid, beide binne
dêr de grûn fan it bestean.
Minsken komme ta har rjocht
mei't elk nei jo wurden docht.

*a:* 4. As de nacht fan soarch en pine
my lâns tsjustere ôfgrûn fiert,
lit in ingel my dan fine
dy 't my feilich fierder liedt,
dat ik wekker wêze mei
wachtsjend op 'e nije dei.

*tekst* Heinrich Albert - 'Gott des Himmels und der Erden'
*oersetting* Anna van der Woude *meldij* Heinrich Albert

# 298. Ivige, Jo, ús God




*tekst* Gert Landman *oersetting* Bernard Smilde
*meldij* Gert Landman

Groet

Kyrie - Rihards Dubra *(koar)*

Glorialiet

## 305. Alle eare, alle gloarje




2. Alle eare, alle gloarje
jildt de erfgenamt, de Soan!
Hy jout ús in nije namme,
syn genede bliuwt aloan.
Ljocht út ljocht, / dat ús socht,
stek ús mei jo strielen oan!

3. Alle eare, alle gloarje
jildt de Geast dy't libben bringt,
dy't de ienheid yn ús azemt,
flam, dy't ús betrouwen skinkt!
Kom ús oer / leafdefjoer,
dat ús lofliet ivich klinkt!

*tekst* Sytze de Vries
*oersetting* Cor Waringa en Atze Bosch
*meldij* Willem Vogel

*Wij ûntstekke de kears foar de bernekring*

## De Heer heeft ons gegeven

*tekst* Riemer Praamsma *muziek* Jan de Jong




*De bern gean de bernekring*

Gebed fan 'e snein

LÊZINGEN

Exodus 3: 11-15

## 324. Wat oer Jo skreaun is



*a:* 2. it wurd dat ynbrânt: dat Jo komme, Hear,
’rêde wat ferlern is’, ja dat wurd,
dat Jo it hert ha, eagen, iepen ear,
’Ik sil der wêze’, dage, nij ferbûn –

*a:* 3. dat hege wurd fan hope wyt op swart,
ivich trou, hat ús yn romte set,
beskamme, optild, treaste, dan wer tart.
Jo kenne is ús pine en ferlet.

*tekst* Huub Oosterhuis
*oersetting* Eppie Dam
*muzyk* Antoine Oomen

2 Tessalonikers 2: 15-17

## 333. Kom, Geast fan God




*tekst* Sytze de Vries
*oersetting* Atze Bosch
*muzyk* Willem Vogel

Lukas 20: 27-38

## 53. Ljocht foar ús út




*tekst* Sytze de Vries ‘Licht voor ons uit’
*oersetting* Margryt Poortstra
*muzyk* Jan de Jong
út Hertslach

# 731. Ferjit net hoe't wy hjitte




*k:* 2. Hja wurde net fergetten
dy't reitsje út 'e tiid.
Jo hjoed hâldt har omfette,
jo notiid himelwiid.
Har nammen sille klinke
yn leafdefol ûnthâld,
om't Jo oan harren tinke
oant aanst de kimen winke:
jo dei: in nije wrâld.

*tuskenspul*

*a:* 3. Ferjit net hoe't wy hjitte:
nei Jo binn' wy ferneamd
Ut tûzenen dy't bidde
stalt him jo ienfâld gear.
Want sa binn' Jo ek brutsen,
lykas it iene ljocht,
yn elke namme sprutsen,
wurdt dei oan dei ûntdutsen
jo antlit dat ús socht.

*tekst* Willem Bernard
*oersetting* Cor Waringa
*meldij* Willem Vogel

Gebeden, útrinnend op Us Heit:

Liet 191 *(koar)*
*muzyk* Daniël Rouwkema

Us Heit yn ’e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit op ierde jo wil barre lykas yn ’e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea en ferjou ús ús skulden,
sa’t wy ús skuldners ek ferjouwe.
En bring ús net yn fersiking,
mar ferlos ús fan it kwea.
Want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid oant yn yvichheid.
Amen.

# 725. Jim, ingels foar Gods troan




*a:* 2. Jim, hilligen by de Hear,
dy't no, ferlost en frij,
God bringe lof en ear,
oan alle striid foarby,
sjong ús dan foar
mei kleare klank
jim liet fan tank
yn 't himelkoar!

*m:* 3. Jim, hilligen yn 'e wrâld,
sjong mei jim ierdske stim
in liet dat útsjoch hâldt
op 't nij Jeruzalim.
*a:* Al falt it swier,
hâld hoop yn 't hert
en wifkje net:
syn wurd is wier.

*tuskenspul*

*a:* 4. Dêrom nim ik ek diel
yn dizze lofmuzyk,
besjong mei hert en siel
de gloarje fan syn ryk!
Dat no tenei
ek myn gesang
myn libben lang
Him priizgje mei!

*tekst* Richard Baxter - 'Ye holy angels bright'
*oersetting* Bernard Smilde
*meldij* John Darwall - Darwall' 148TH

*Under it slotliet komme de bern werom yn tsjerke*

Utstjoering en seine

431b. Amen




*Nei de seine gean we wer sitten en lústerje nei muzyk*

Harmoanium & Piano: Caprice - Max Laurischkus

*Nei muzyk wachtsje we op in teken fan de regie dat de útstjoering klear is.*

Meidielingen fan de diaconie oer de kollekte en blommegroet

De tv-tsjinsten binne inkeld mei jo stipe mooglik.
Jo kinne in bydrage oermeitsje op rekkennûmer
NL15RABO 0373 744 471 t.n.v. stichting tsjerke en media fryslan
Tige tank alfêst foar jo stipe!
Sjoch alle tsjinsten werom op www.tsjerke.media

De tv-diensten zijn alleen dankzij uw steun mogelijk.
U kunt een bijdrage overmaken op rekeningnummer
NL15RABO 0373 744 471 t.n.v. stichting kerk en media fryslan
Alvast hartelijk dank voor uw bijdrage!
Zie alle diensten terug op www.kerk.media

Tsjerke & Media Fryslân